



# SNEIN-DEI BOEK



## PROTESTANTSKE GEMEENTE

**Wurdum Fr e.o.  
Snein, 3 novimber 2013  
Betinksnein**

Yn dizze tsjinst betinke we harren, dy't ús foargien binne yn libben en yn leauwen. In soad minsken hawwe blommen meibrocht, dy't nei de tsjinst by de grêven dellein wurde sille. Guon



blommen en stikjes lizze foar de liturgytafel, oare yn de

banken of yn de hal.

Fan 09.00 oere ôf komme de minsken binnen. In jong katsje fan ien fan de buertbewenners



steckt hieltyd nijsgjirrich syn kopke om 'e hoeke fan de doar, soms wipt der nei binnen, de hal yn. Uteinlik beslút der dat hy hjir doch net wêze moat

### Wolkom



Alderling fan tsjinst Corry Brouwer hjit elkenien wolkom. It iepeningsliet is Psalm 33, 2<sup>e</sup> fers, "Zingt al wie

*leeft van Gods genade, want waarheid is al wat Hij zegt."*

### Bemoediging



Nei bemoedigjen, groet en drompelgebed wurdt it 8e fers fan Psalm 33 songen: "Wij wachten stil op Gods ontferming,

*ons hart heeft zich in Hem verheugd."*



Ds. Wiebrig de Boer lêst fan Sietse de Vries de wurden: "Alle Heiligen".

### Tsjinst fan de skriften

De 1e skriftlêzing komt út Jesaja 60: 1-11 en 17-22. Dizze profesij stammet út in tiid sa'n 400 jier foar Kristus, dat it folk Israël krekt werkom keard is út de ballingskip nei Jeruzalim. Hja treffe in stêd oan dy't hielendal ferwoastge is. Jesaja wol de minsken moed ynsprekke.,

Songen wurde in tal ferzen fan Gesang 109: "Hoor in heilig koor van stemmen, staande aan de glanzen zee..."

Koosje van der Werf lêst fan de Berchrede út Matteüs 5, de ferzen 1-12.




### Preek

Us libben stiet net op himsels, it is ferbûn mei de minsken dy't foar ús libben en dy't nei ús komme. Al it libben stiet yn it teken fan de wei fan ús oarsprong nei ús bestimming, ûnderweis mei God. De minsken dy't ús foargien binne yn libben en leauwen, neame we hilligen. Dat binne net foarbyldminsken, elk hat syn eigenaardichheden. Wol kinne se troch har libben en wize fan leauwen as foarbyld tsjinje, as tekens fan hope



Jesaja struide mei syn profesij siedsjes fan hope. Hoe swier fan fertriet kinne minsken wêze? Mar de belofte leit der dat wy yn Gods ivige ljocht steane. In soad

minsken hawwe har treaste litte troch dy belofte as begelieder fan it deistich libben. Lökkich binne de rouwenden en treurjenden dy't sykje nei Gods dragende grûn ûnder harren fuotten.



Nei stiltme en oargelmusyk sjonge ds. Wiebrig de Boer en Linda Jonbloed it 1e kûplet fan liet 736 út it nije lieteboek:

*"Dat ons zorgen en werken  
ergens toe dient,  
dat ons leven hangt aan iemand.  
Dat zij die ons zijn voorgegaan  
zijn in het licht, rusten in vrede.*

Hjirop wurde alle 3 ferzen fan dit liet songen troch de Hiele gemeente.

### Tsjinst fan it dielen

De blommen geane hjoed nei frou A. Visser oan de Tsjaerderdyk.

### Kollektes

De 1e kollekte is foar Tsjerke yn Aksje foar it sindingswurk op



Súd-Sumatra en wurdt taljochte troch de Sindings-Misjonêre kommisje. De 2<sup>e</sup> kollekte is foar it tsjerklik wurk.

### Gebeden

De gebeden wurde ôfwiksele troch it mei elkoar sjongen fan Gesang 437, 3e fers. De gebeden komme gear yn it "Us Heit", dat mei elkoar bidden wurdt.

### Slotliet en Seine

As slotliet sjonge wy gezang 299, de ferzen 1 en 2: "Voor alle heiligen in de heerlijkheid."



Ferwaarme mei de Seine fan God ferlitte we de tsjerke.

## Omgong oer it hôf

Nei te tsjinst wurdt in omgong makke oer it hôf, wa 't dat wol kin blommen op in grêf lizze.



## Meiwurkers

|             |                                 |
|-------------|---------------------------------|
| Foargonger  | ds. Wiebrig de Boer-Romkema     |
| Oargelist   | Albert Minnema                  |
| Koster      | Wiebe Brouwer                   |
| Alderlingen | Corry Brouwer en Arie Dol       |
| Diakens     | Tjitske Visser en Alie Kalsbeek |
| Blommen     | Lieuwkje van Lune               |
| Sjongen:    | Linda Jongbloed                 |

Dizze tsjinst is mei tarêd troch de sindings- en misjonêre kommisje.

